

Datum	Namme	Foarstelling	Plak	Tiid
Freed 6 sept	Jan Tiede Bouma	Keimpe	Lemmer	15.00-15.30
Woansdei 11 sept	Jan Tiede Bouma	Keimpe	Dokkum	15.00-15.30
Tongersdei 12 sept	Jan Tiede Bouma	Keimpe	Bûtenpost	15.00-15.30
Freed 13 sept	Jan Tiede Bouma	Keimpe	Makkum	15.00-15.30
Sneon 14 sept	Jan Tiede Bouma	Keimpe	It Hearrenfean	11.00-11.30
Sneon 14 sept	Jan Tiede Bouma	Keimpe	Drachten	15.00-15.30
Tiisdei 17 sept	Jan Tiede Bouma	Keimpe	Frjentsjer	16.00-16.30
Woansdei 18 sept	Pyke Kroes	Lampke	Harns	15.00-15.30
Sneon 21 sept	Pyke Kroes	Lampke	Drachten	13.00-13.30
Tiisdei 24 sept	Jan Tiede Bouma	Keimpe	Kollum	15.00-15.30
Woansdei 25 sept	Pyke Kroes	Lampke	Wommels	11.00-11.30
Tongersdei 26 sept	Jan Tiede Bouma	Keimpe	Surhústerfean	15.00-15.30
Sneon 28 sept	Pyke Kroes	Lampke	Snits	11.00-11.30
Moandei 30 sept	Jan Tiede Bouma	Keimpe	De Jouwer	15.00-15.30



'Dat kin ik echt wol!' - Jan Tiede Bouma

Keimpe fynt dat er alles bêst wol goed kin. Nei twa jier yn 'e rûnte sitte en boartsje, is hy ta oan it echte wurk: lêzen, skriuwen en rekkenjen! En lêzen is malik. Teminsten, dat tinkt Keimpe. Hy kin ommers syn eigen KroKodille-letter al skriuwe! Oft hy werklik sa gau alles ûnder de knibbel hat, dat is de fraach. Eins kin Keimpe noch wol wat help brûke, al mient er sels fan net. Wolle jim him helpe?

'Lampke' - Pyke Kroes en Carel van Leeuwen

In foarstelling oer it earste diel fan it prachtige boek 'Lampke' fan Annet Schaap.

Oer in grize fjoertoer op in skiereilân, oer Lampke, de dochter fan de fjoertoerwachter, dy't elke jûn de ienensechstich treden yn de fjoertoer opklimt om it ljocht oan te stekken, oer in stoarmachtige jûn wylst de lúsjefer op binne...

In byldzjende fertelling troch Pyke Kroes en Carel van Leeuwen, mei prachtige ferskes en sfearfolle muzyk, mei spesjale muzykynstruminten. Nei de foarstelling meie de bern de ynstruminten sels útprobearje!

